[0084] 4. Lûntsje.

Doe’t ik okkerdeis guon lânslju nei it wurd *lûntsje* frege, die it my bliken, dat dit harren folslein ûnbikend wie, It is dêrom grif net oerstallich, dit útstjerrende substantyf ris op ‘t aljemint to bringen.

Dy't fan it Nijfrysk útgiet, sit fuort al mei de swierrichheit, dat er net wit, hoe 't it lân der hinne leit, hwat de forsprieding fan it wurd oanbilanget. It Fr. Wb. fan Waling Dykstra [1]) fornijt jin allinne, dat it yn 'e bitsjutting fan "kealleprôlle" to Drylts brûkt waerd. Fierders hat Dr. Botke [2]) yn ien fan syn skriuwboeken fêstlein, dat er foar "kouwenieren" to Greonterp ienris *lûntsjes* heard hie Dy beide opjeften moat men mei folstean as men út de literatuer gewaerwurde wol, yn hokker kriten as dy bineaming foarkaem. Neffens it nije wurdboek, dat de Fryske Akademy útjown hat, soe der bûtendat jit in foarm *lontsje* [3]) wêze, dy't lykwols net by W. Dykstra foun wurdt. It bistean fan dy njonkenfoarm wol ik dêrmei alhiel net yn 'e kiif stelle. Rjochtoarsom - de wiksel tusken *u* en *o* yn 'e forbining *un* + bylûd is sa algemien, dat wy allinne al dêrút ta in dûbelfoarm bislute meije. De fariant *lontsje* is, histoarysk bisjoen, de jongste; de *u*-foarm hat, lyk as de ôflieding útwiist, de âldste brieven. It wurd is ntl. bisibbe oan Aldnoarsk *lund* „fleis ûnder de rêchbonke by de nieren", nijnoarsk *lund* "heupe", Deensk *lynd* "mil, koarte ribben", ags *lynd* "fet, smoar", âldheechdútsk *lunda* "ongel", Keulsk *lünt* "niersmoar"[4]). Dit germaenske,**lund*- hâldt wer forbân mei germ. **land*-, dat him fuortset yn âldsaks. *lendin* „nieren", âldheechd. *lentin*, *lentî* "nier(en)", mnl. nnl, mhd. nhd, *lende*, ags *lendenu* nom. pl., âldfrysk *lendenum* dat pl., âldnoarsk *lend*, Sweedsk *länd*, Deensk *land* "koarte ribben"[5]).

It forlytsingswurd *lûntsje* stiket sadwaende, as wy it komôf acht slagge, it âldfryske **lund* yn. It is min mear út to meitsjen, oft dit grounwurd yn letter tiden de *d* oan 'e ein opjown hat, òf dat dit bylûd nei oergong yn *t* mei de *t* fan 'e forlytsingsútgong gearfallen is. Hoe't it ek west hat, wy moatte perfoarst werom nei âldfrysk **lund,* al is dat yn dy foarm spitigernôch net oerlevere.

En dêrmei bigjint de twadde swierrichheit. It Fivelingoaer hânskrift, dêr't De Haan Hettema[6]) yn 1841 in minne útjefte fan bisoarge hat, bifettet yn in stik, dat oer wounen en boeten giet, û.o. dit foarskrift: *Sex thing senter in tha liwe. therma thor nout scriwa, thetter ammer* (lês: *nammer*) *muge libba, ther* (lês: *ther (the)r*) *ene dolch one hebbe. Thet ene senta thirman. anta* lunglagan *And thio milte. And thio liwere. thio herte. and thi wasanda,* (Seis lidden binne der yn it lichem, dêr't de bisearing net fan skreaun wurde mei yn it boeteregister, om't gjin ien yn wêzen bliuwe kin, dy't dêr in woune oan hat. It earste binne de terms, fierder de nieren, de melt, de lever, it herte en de longpiip).

Yn dy oanhael treffe wy foar "nieren" de âldfryske namme *lunglagan*, it meartal fan *lunglaga*, oan. Nou hat Von Richthofen [7]) al mear as hûndert

1) W. Dykstra e.o., Friesch Woordenboek II (1903), s. 137.
2) Dr. J. Botke, Skriuwboek: Rund VIII, 296 [frl. meidieling fan Dr. Y. Poortinga].
3) H.S. Buwalda, G. Meerburg, Y. Poortinga, Frysk Wurdboek I (1956), s. 265.
4) Sj. F. Holthausen, Altenglisches etymologisches Wörterbuch, 1934, s. 208.
5) Sj. F. Kluge, Etymologisches Wb. der deutschen Sprache, 1957, s. 435.
6) M. de Haan Hettema, Het Fivelingoër en Oldampster landregt, 1841, s. 100,
7) K. v. Richthofen, Altfriesisches Wörterbuch, 1840, s. 913.

jier lyn opmurken, dat *lunglagan* oars neat as in skriuwflater foar **lundlagan* wêze koe, omreden yn it Angelsaksysk itselde wurd foar "nier" as *lundlaga* biwarre bleaun is. Van Helten[8]), dy't ek oer dit wurd syn bitinken sein hat, stimt Von Richthofen mei. Op groun fan 'e âldingelske wjergea wolle de niisneamde ûndersikers der dus op út, *lunglaga* yn F soe yn **lundlaga* forbettere wurde moatte. Op it earste oansjen is der alles foar dy útliz to sizzen, oant ik op in goede dei seach, dat it Westerlauwersk de gearstalling *longstâlle, longstalling* [9]) yn 'e bitsjutting fan "niersmoar" ken. Dit *long-* (yn: *longstâlle*) strykt alhielendal mei *lung-* (yn: *lunglaga),* dat wy freegje by ússels, oft de Fivelingoaër tekst dochs faeks net better is as men tinkt. Om it jitris dúdlik oan to jaen, krije wy dus njonkeninoar:

âldfrysk: * *lund*'nier'	âldfrysk: *lunglaga* (F.) 'nier'
nijfrysk: *lûntsje, lontsje.*	nijfrysk: *longstâlle* 'niersmoar'.

Hiene wy inkeld en allinne it fynplak út it Fiv. hanskrift ta ús foldwaen, dan soe it wis wol eigenskip hawwe, in forskriuwing *lung* ynsté fan *lund* oan to nimmen. Nou 't lykwols in nijfryske fuortsetting allyksa in *g*-foarm sjen lit, wol dy forklearring as skriuwflater mar min yn jin del. It iennichste bislút, dêr't neat op ôf to tingjen is, sil neffens my dêrom wêze moatte, dat al yn'e 15de ieu, doe't it hs. F. ûntstie, it wurd *lundlaga* net mear forstien waerd en ta *lunglaga* forbastere is. It is wol opmerklik, dat yn it Grinslânsk fan hjoed de dei it foarste lid *lung-* dat him ta *long-* ûntjown hat, noch libbet op 't "Hogeland", dat oarspronklik in diel fan Fivelingoa útmakke. It wurdboek fan Ter Laan[10]) jowt foar dy kontrei *longstalen* en foar it Westerkertier *longstallen* "niersmoar fan in kou", deselde gearstalling, dy't biwesten de Lauwers as *longstâlle* bitsjûge is. (It lêste diel *-stâlle* bitsjut, krekt as *-laga,* "laech, ûnderlaech", dat de hiele gearstalling kin sa likernôch omskreaun wurde mei 'laech smoar').

It komôf fan *lûntsje,* dêr't it my om to rêdden wie, stiet, sa 't de lêzer oan it boppesteande sjen kin, fêst. By einsluten wol ik der noch op wize, dat men de Fryske fariant yn 'e greate wurdboeken fan Franck-van Wijk en Kluge omdôch siket. Us sprake hat dêrre, lyk as sa faken, net earlik har gerak krige. De skriuwers hiene *lûntsje* (en ek it âldfryske *lunglaga* < *lundlaga)* ûnder it trefwurd 'lende' opnimme moatten.

W.J. Buma.

8) W.L. van Helten, Zur Lexicologie des Altostfriesischen, 1907, s. 226.
9) W. Dykstra, e.o., Friesch Woordenboek II (1903), s, 133
10) K. ter Laan, Nieuw Groninger Woordenboek, 1952, s. 501.